

Ons nummer: 024.000085



## Ynformaasje ried/meidieling kolleezje

Underwerp	Undersyk nei fersterke fyts- en kuierferbiningen troch fytspontsjes
Kommisje	Doarp, Stêd en Omkriten
Kolleezjebeslút d.d.	30 jannewaris 2024
Portefeuillehâlder	Michel Rietman
Team	Vastgoed
Adviseur	Arjan Reekers

Reden ynformaasjeferstrekking aktive ynformaasje fan it kolleezje

### Kolleezjebeslút

- begripe hokker stappen nommen binne en (op dit stuit) gjin helberheidsûndersyk útfiere te litten;
- de gemeenteried hjiroer aktyf te ynformearjen.

### Taljochting/eftergrûn

#### Oanrin

Jo gemeenteried hat op 2 febrewaris 2023 in moasje fan de FNP en it CDA oannommen, wêryn it kolleezje fersocht wurdt om yn 2023 mei in plan te kommen foar in fytspont (yn it gebiet) tusken De Hommerts en Langwar. Nei oanlieding fan dizze moasje is kontakt west mei Rykswekkersteat, gemeente De Fryske Marren, Marrekrite, doarpsbelang De Hommerts-Jutryp en pleatselik belang Langwar.

De algemiene rjochtlinen foar in pontferbining tusken De Hommerts en Langwar en oare kânsrike pontferbiningen binne ferkend. Foar in fytspont tusken De Hommerts en Langwar is net genôch draachflak. De gedachte fan de moasje dat it netwurk fan fytspaden en ponsjes belangryk binne foar ús gemeente wurdt wol dield. Dêrom binne der ek oare lokaasjes besjoen. De earste resultaten fan dizze ferkening wurdt fia dizze aktive ynfo dield mei jo gemeenteried. It kolleezje hat besletten om op dit stuit gjin helberheidsûndersyk út te fieren.

#### Algemiene rjochtlinen foar in fytspont

Nei it oannimmen fan de moasje is in oantal saken útsocht. Sa binne der algemiene rjochtlinen opsteld as de gemeente kiest foar in nije pontferbining. In pear rjochtlinen jilde allinnich yn it gefal fan in pontferbining oer in beropsfeart. Sa as it Prinses Margrietkanaal, dat De Hommerts en Langwar fan inoar skiedt. Dêr njonken is der yn it bysûnder sjoen nei in mooglike pontferbining tusken de Hommerts en Langwar (sa as yn de moasje stiet) en binne der oare kânsrike pontferbiningen ferkend.

Hjirûnder folget in oersicht fan de algemiene rjochtlinen. Dizze rjochtlinen binne ôfstimd mei Rykswekkersteat.

#### *Algemiene útgongspunten*

- De pont is allinnich bedoeld foar rekreatyf gebrûk.
- De pont moat feilich farre kinne.
- De pont mei gjin gefaar foarmje foar: brûkers en bemanning fan de pont, omwenjenden en farferkear (berops- en rekreaasjefeart).
- De pont is bedoeld foar fytsers, fuotgongers en minderfaliden.
- De pont moat 12 persoanen per oertocht ferfiere kinne.
- Betsjinning: fan 1 april oant 1 novimber, eltse dei fan minimaal 10.00 oant 18.00 oere. Ferlinging oant yn de wintertiid falt noch te besjen.

#### *Algemiene feiligensfoarskriften fan de pont*

- Brûkers fan de pont moatte op feilige wize op- en ôfstappe kinne.
- De pont moat de benoadigde ferljochting hawwe.
- De pont moat de benoadigde feiligheidsfoarsjeningen hawwe.
- De bemanning moat dizze diploma's hawwe:
  - Skippersdiploma foar binnenwetter
  - Radardiploma
  - EHBU-diploma
- De pont moat foldwaan oan de jildende konstruksje- en útrissingseasken.

#### *Algemiene betingsten foar de farwei*

- De pont moat feilich kinne farre en oerstekke. De pont ferlient foarrang oan de beropsfeart en yn prinsipe ferlient rekreaasjefeart foarrang oan de pont.
- De pont moat foldwaande frij sicht hawwe, foardat dizze oerstekt. Minimaal 400 meter frije romte neffens de beropsfeart (as dy der is).
- As de pont oan wâl leit, mei dizze de skipfeart net yn it paad lizze.
- By in oerstek binne de nedige buorden oanwêzich om de oare brûkers fan de farwei te warskôgjen.

#### *Eksterne faktoaren*

- By min sicht mei de pont net farre.
- By hurde wyn (7 Bft of mear) mei de pont net farre.

#### Pontferbining De Hommerts-Langwar

Mei de rjochtlinen kin de konklúzje lutsen wurde dat by in koarte oerstek tusken De Hommerts en Langwar (oer it Prinses Margrietkanaal) gloppen oan beide kanten nedich binne. Op dizze wize hat de berops- en rekreaasjefeart gjin lêst fan de fytspont. Boppedat hawwe de gemeenten gjin eigen grûn lâns it kanaal. As wy dizze gloppen meitsje soene, moatte wy yn petear gean mei de grûneigeners. Yn it ferline wie hjir net genôch draachflak foar.

Foar in koarte oerstek binne der dan ek nedige tûkelteammen te nimmen. Los fan de gloppen is ek in profesjonele skipper nedich en in deeglike pont, omdat it de Prinses Margrietkanaal in drokke farwei is. Fierder moatte ek tagongsdiken geskikt en breed genôch wêze foar de fytsers. In stream fan fytsers kin nammentlik wriuwe mei de al oanwêzige (lânbou)ferfiermiddels yn it gebiet. Dêrmei wurde de nedige risiko's sjoen. Sawol op it wetter as op it fêste lân. Dizze risiko's wurde ek sjoen troch pleatslike belangen. It draachflak is te lyts en romtlik liket dit net út te fieren. Der is dan ek besletten om dizze ferbining net fierder te ûndersykjen.

#### Oare kânsrike pontferbiningen

Om ynfolling te jaan oan de moasje binne in oantal oare kânsrike pontferbiningen ferkend. Dêrfoar ha wy kontakt hân mei Marrekrite. Sy hawwe oanjûn dat de folgjende ferbiningen it fyts- en kuiernetwurk fersterkje kinne:

- Koarnwert (by de mole);
- Warkumer Trekfeart;
- It Heidenskip - Ealahuzen;
- Sânfurd - Nijhuzum;
- Wâldsein - Heech;
- Twellingea - De Potten Snits.

By alle lokaasjes moat der fansels in nije pont komme en moat de ynfrastruktuer oanpast wurde. Dat is kostber kwa ynvestearring en takomstich ûnderhâld. Dêrom hat it kolleezje besletten om nei dizze earste ferkening (op dit stuit) gjin fierder ûndersyk te dwaan nei de helberheid. Yn de takomst soe dat noch kinne. Dan moat in helberheidsûndersyk antwurden jaan op de fraach oft in fytspont mearwearde hat foar it gebiet, it kosteplaatsje (ynvestearring en ûnderhâldskosten) en de mooglikheid foar it ferkrijen fan subsydzjes.

**Bylage(n)**

1. Moasje FNP, CDA | Nije fytspont